

Ferslach sneon 2 febr. '19 gearkomste 13.30 yn it Oranjehotel.

lepening troch de foarsitter. Der binne 49 minsken oanwêzich, leden, mar 'tank sij sosjale media' ek ferskate Flappers mei oanhing, benijd nei de ynliding.

Meidielings: berjocht fan behindering, Jabik van der Bij, Harm Puite (Schotanusstichting), George Schepperle, Jelle de Jong.

Us lid Tiemen Lont *1937, lang trou op de gearkomsten, mar ek al lang mei sûnensklachten, is 9 jann l.I ferstoarn. De gearkomste betinkt him.

Gjin ynkommen stikken.

Theo Delfstra docht -foar stúdzjegroep streekskiednis NO-FRL- yn de gearkomste in oprop: wêr yn de Westereen hat Salomon Levi wenne? 'Soks moat mei ynformaasje út de speesjekohieren, kadaster 1832 en folkstellings te finen wêze.' Der wurdt wurke oan in artikel yn 'De Sneuper'.

Neilittenskip boeken Henk Zeinstra. De termyn om winsken derút oan te jaan is foar de gearkomste sletten. Der binne ferskate winsken ynkommen, it bestjoer sil der mei oan 'e gong.

Ferslach gearkomste 1 des. '18. Der wurde, troch de skriuwer fan it ferslach, 3 ferbetterpuntsjes oandroegen; by 2., meidielingen Melle Koopmans oer sarken Brantgum: it is net oan'e oarder dat der sarken onder de dong sitte; ûnder de flier (fan in gong?). Ferslach fêststeld.

Ynliding troch Nykle Dykstra oer de famylje Flapper. Sprekker neamt yn ut begjin noch it koartby útkommen boek dat hy mei besoarge hat *Ver van het Front? Friesland en de Friezen in de Eerste Wereldoorlog*. Wat de famyljeskiednis oangiet, is it sneupen ek begûn mei ferhalen helje by âldere famylje, mar ek út argiven militêre stamboeken, rjochtsaken en al sa mear. Dizze ynliding sil gean om de famylje fan memmekant, de Flappers, in roomse famylje út de hoeke Warkum, Boalsert, Heech. Meast boeren, mar ek in skoft skippers. Dy steane hjir sintraal, mei omtinken foar de ûndersyksboarnen.

Earst ek noch even oer de famyljenamme Flapper: dy moat -grif- komme fan it fûgelflappen; derby wie dat fan wilsters (goudplevier) it meast bekend. Soks barde winterdeis by trekfûgels, as de skippers meast thús oan'e wâl wiene.

De seefeart en skipperij. Fan âlds hat de seefeart fan de VOC nei Indië altyd it measte omtinken hân. Mar fan âlds wie de Europese feart nei de Eastsee en de Frânske (Spaanse, Portugese) kust belangriker. Dat hat iuwenlang sa west; mei sifers fan 1785: der wie mear wurkgelegenheid yn dy Europese feart as dy fan VOC, Atlantyske feart en oarlochsfloat byinoar. De skippers kamen earst meast út Noard-Hollân, mar yn de rin fan de 17^e iuw hieltyd mear út Fryslân; earste helte 18^e iuw wiene dy yn de mearderheid; twadde helte 18^e iuw kamen der ek hieltyd mear út Grinslân.

De produkten helle by dy Eastseefeart: graan (sjoch 'vrouwtje van Stavoren') fisk, hûden, himp, tar, koper, flaaks, potjiske; brocht nei Eastseehavens: sâlt (út Portugal), wyn (Frankryk), hjerring, bakstien, tekstyl, speserijen.

By de Flappers begûn it mei de Eastseefeat sa.1740 mei Dirk Pieters (Flapper), skipper fan Wâldsein. Soan Wiepke Dirks Flapper ek út Wâldsein, Pieter en Reyer Dirks Flapper yn Warkum. Ek syn soan Dirk Reyers wie letter skipper. (Sjoch www.warkumserfskip.nl, Flappers bij de keapfardij.) Famyljerelaasje mei de ynlieder: Marijke Dirks Flapper troude lete Dirks, en dy naam de famyljenamme fan syn frou oer. Se wennen klokslach Boalsert (se hiene byg yn 1780 noch in oanpart yn it skip fan omkesizzer Dirk Reyers). Dizze kustfeart waard eins altyd dien mei kof- of smakskippen (gjin grut ferskil), foar seefeat gewoanwei twamêsters, oant 28 meter lang en 100-200 tonne laadromte. Fiif oant acht man bemanning. Meast waarden twa of trije tochten yn in jier makke.

Foar de skiednis fan de skippers binne ferskillende boarnen.

Monsterrollen (1747-1852), yn Amsterdam yn it argyf fan de Waterschout, kantoor van het Zeerecht. Deryn de bemannings foar in reis, har fertsjinst en ek arbeidsbetingsten, reglemint. (Fan Pieter Dirks Flapper is soks der byg bewarre út 1778. Fan Reyer Dirks in reis út 1769 yn argyf Hamburg.)

De Sonttolregisters. Yn de Sont tusken Sweden en Denemarken waard tol heft; fan 1574-1857 binne 1,8 miljoen trochfearten fêstlein (skipper, syn thúshaven, plak fan ôffeat en bestimming, en de laden produkten). Der wurdt noch oan wurke om alle ynformaasje te digitalisearjen, mar in soad is al op de webside te finen.

Yn it stedsargyf Amsterdam, Averij Grosse. Der waard as der skea wie, útwurke wa't dat betelje moast; by oermacht de Bank van Assurantiën (byg fan 13-4-1750 in ferslach fan Wiepke D Flapper).

Op <https://notarieel.archief.amsterdam> binne in soad ferskillende saken te finen oer de seefeat, bygelyks út okt 1757 oer regelje tusken skipper Wiepke Dirks Flapper en syn bemanning by La Rochelle by Bordeaux.

Op Delpher, de Krant van Toen, is ek in soad nijs oer de skipfeart te finen. Bygelyks dat de krekt neamde skipper stoarn en begroeven is yn Riga.

It ferstjerren fan Dirk Reyers Flapper wie sa ek net te finen, mar û.o. deroer kaam ynformaasje út it briefkopieboek fan de roomske marine-offisier Dooitse Eelkes Hinx fan Dokkum en Harns (sa.1740-1797; syn argyf is ûnderdiel fan argyf Admiraliteiten yn it Nationaal Archief(Ryksargyf) yn Den Haag.) Flapper wie ferûngelokke foar de Frânske kust, Hinx regele syn begraffenis en hie kontakt mei de famylje om it skip wer nei hûs te krijen.

Yn de National Archives yn Kew, Londen binne in soad dokuminten bewarre fan en oer Nederlânse skippen dy't kaapt/opbrocht binne troch Ingelse. Dy dokuminten binne mei-inoar bekend as 'prize-papers', fan 1652-1815. Ein 2015 kaam in projekt op gong om 144.000 selektarre siden te konservearjen en digitalisearjen.

De Flappers ha twa kear sa'n kaping meimakke: Pieter Dirks yn 1757, sânjerrige oarloch, Nederlân wie neutraal; dit wie mear kontrôle, it skip waard opbrocht nei Jersey, mar frijlitten. Dirk Reyers hie ein desimber 1780 minder gelok: de 4^e Ingelske oarloch wie krekt begûn, de *Jonge Anna* waard opbrocht nei Plymouth, skipper en bemanningsleden moasten fragelisten ynfolle, ek dy binne bewarre. It skip waard yn beslach naam, 'sjoch mar dat jim thús komme'.

Ofslutend: der wurdt dus wurke oan it tagonklik meitsjen, digitaal meitsjen fan ferskillende grutte boarnen anneks mei de Nederlânse seefeat: de Sonttolregisters, de prize-papers en Amsterdamske as de notariële argiven dêr.

Neipetear: der komme ferskate fragen op onderdielen fan de ynlieding.

De foarsitter betanket en slút ôf.

Nei it skoft ûnderlinge genealogyske útwikseling.

Wytse Tjoelker, Ljouwert.